



Stoepe plantsjes - wyld en fan wearde groep 5-8

Aardich dat jimme mei dogge mei de Stoepe plantsjes Bûtenles! Dit lesmateriaal is makke foar de learlingen fan groep 5 – 8, om te sukjen nei stoepe plantsjes op en rûnom it skoalplein.

Lesdoel

Doelen natoer

De learlingen leare yn de eigen omjouwing foarkommende stoepe plantsjes te finen

De learlingen beneame, lêze en skriuwe de nammen fan de plantsjes mei stipe fan in sykkaart

De learlingen kinne kenmerken om sirkelje dy't by de planten hearre.

Doelen Frysk

De learlingen leare dat der Nederlânske en Fryske plante nammen binne

De learlingen leare Fryske wurden fan de kenmerken fan planten

Tarieding

Sykje in geskikte lokaasje. Dat is in stoepe, muorren, strjitsstiennen dêr't stoepe plantsjes groeie.

Printsje de wurkblêden en de sykkaart stoepe plantsjes 1 set per learlingen.

Inlieding

1. Praat mei-inoar oer stoepe plantsjes: Freegje de learlingen oft se witte wat stoepe plantsjes binne en oft se der mear fan ôf witte. Oft se thús yn de tún ek tegels of stiennen ha dêr't plantsjes tusken groeie.
2. Besjoch mei de klasse it filmke stoeplantjes wild en waardevol', <https://www.youtube.com/watch?v=ZUI2NhggCDs>
3. Opsje: besjoch de powerpoint oer stoepe plantsjes
4. Lis de opdracht út fan de bûtenles

Nei bûten: oan de slach

Opdracht 1: De Fryske namme fan stoepe plantsjes

Fertel de learlingen:

- dat se yn groepkes fan twa nei bûten geane yn in ôfsprutsen gebiet.
- yn elts gefal 5 ferskillende stoepe plantsjes opsykje
- dêr in kring om sette mei stoepe kryt

Nedich:

- Stoepe plantsjes sykkaart per duo
- Stoepe kryt (2 kleuren per groepke)

Materialen oanleveren

- Wurkblêd mei ynstruksje foar learlingen
- Stoepe plantsjes sykkaart
- Powerpoint oer stoepe plantsjes
- Filmke 'stoeplantjes wild en waardevol'

Materialen sels regelje:

- Stoepe kryt
- Plakbân
- Klemboerden
- Potleaden





- en de Fryske namme fan de plant op de sykkaart opsykje
- mei stoepe kryt dy Fryske namme der by skriuwe.
- en dat se ek sjogge at der ek bisten by harren planten sitte, lykas eamels (mieren), krobben (pissebedden) of slakken.

2^o opdracht: stoepe plantsjes wyld en fan wearde

Fertel de learlingen dat se yn groepkes fan twa nei bûten geane yn in ôfsprutsen gebiet. Se sykje yn elts gefal 2 ferskillende stoepe plantsjes. Op it wurkblêd stjit fjirder wat se dwaan moatte. Besprek dit wurkblêd mei de learlingen.

Neipetear

Slút ôf mei in neipetear: Hokker soarten ha de learlingen fûn? Wienen der ek moaie en frjemde Fryske nammen by? Hokker nije wurden en kenmerken hast leart dy't pasten by de planten? Bin der ek bisten fûn? Hokker bisten? Is it in probleem dat stoepe plantsjes groeie tusken stiennen? Wat fynst fan stoepe plantsjes nei dizze opdracht?

Nedich per groepke:

- 2 wurkblêden mei ynstruksje
- 1 Stoepe plantsjes sykkaart per duo
- 1 klemboerd
- 1 roltsje plakbân
- Stoepe kryt
- 2 potleaden

